

DINGtiid lêzing, 5/11/2022

30 jier Europeesk Hânfêst: driuwsân of dûnsfliet?

*De wurking fan it Europeesk Hânfêst yn de ûnderwiispraktyk*

Dr. Albert Walsweer

Oan my de ear om yn oansluting op de lêzing fan Heinrich Winter yn te gean op de wurking fan it Europeesk Hânfêst yn de ûnderwiispraktyk. Winter konkludearret rûchwei dat it Hânfêst ek nei 30 jier in stevich fûnemint is en in wichtige basis foarmet foar de útfiering yn de praktyk.

Yn myn reaksje wol ik graach wat sizze oer it Hânfêst as basis foar kurrikulumûntwerp en sil wat ûntwikkelingen sketse dy't wy op dit stuit ûndernimme yn it ramt fan Taalplan Frysk 2030. Ik brûk dan benammen foarbylden út it primêr ûnderwiis en it doel is om sjen te litten dat It Hânfêst mear is as 'in bedoeling', mar dat it ek in effekt hat yn de ûnderwiispraktyk. It is (nammentlik) opfallend dat yn de media, troch ferslachjouwers, columnisten en tige belutsen Friezen, faak negatyf reflektearre wurdt op de kwaliteit fan de Fryske taal & kultuer yn it ûnderwiis. En hoe terjochte dy krityk yn guon gefallen ek is, it demotivearret ek. Foar my is it Hânfêst net in ynstrumint om fan de sydlâne ôf myn rjochten op te easkjen en oaren te wizen op harren plicht, mar in útnûging om mei te dwaan en mei te tinken. Dat besykje wy te dwaan yn Taalplan Frysk 2030.

Taalplan Frysk 2030 is de namme fan it belied fan de provinsje Fryslân, rjochte op de útfiering fan it 'beskermjen en promoaten' fan de Fryske taal & kultuer yn it ûnderwiis. Of better sein Taalplan Frysk is in fertaalslach fan it Hânfêst en de BFTK en is bedoeld om it ûnderwiis oan te trunen om harren plicht te dwaan. Oan te trunen, want it giet net fansels.

*De provinsje wol alle bern yn Fryslân in kâns biede om de Fryske taal te learen. Dêrom moat uterlik yn 2030 it fak Frysk op alle basisskoallen en skoallen foar it fuortset ûnderwiis op foldwaande nivo oanbean wurde. By foarskoalske edukaasje, mbo, hbo, universiteit en it spesjaal ûnderwiis kieze wy foar it fuortsterkjen fan de trochgeande learline.*

*Sa komme bern fan alle jierren yn oanrekking mei de Fryske taal, fan berne-opfang oant heger ûnderwiis.*

*De provinsje set him dêrfoar yn mei taal- en ûnderwiisinstellingen [Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk, NHL Stenden, Omrop Fryslân, SFBO en ûnderwiisburo Semko]. Mar boppedat wurkje wy mei dosinten, skoallen en skoalbestjoeren. Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk 2030 yn de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's. Frysk, foar no en letter.*

Boarne: <https://taalplan.frl/>

De gearwurkjende taal- en ûnderwiis organisaasjes hawwe de opdracht fan de provinsje wer fertaald nei in 'realisaasjeplan', dat úteinset is op 1 jannewaris 2021 en duorret oant en mei 2024.

Winter konkludearre al dat it Hânfêst yn Den Haach noch net altyd op foldwaande wize op it netflues stiet fan ministearjes en de amtners. Der wurdt wol dûnse, mar fierstente min en net struktureel. *It is mei sizzen net te dwaan.* En datselde jildt ek foar de ûnderwiispraktyk.

Neffens my is it Hânfêst in ûnmissber fûnemint yn it foarm jaan fan 'goed meartalich ûnderwiis mei de klam op it Frysk', mar yn de komplekse ûnderwiispraktyk spylje ek noch safolle oare dossiers, tema's en ûntwikkelingen in rol. It Hânfêst en de goede bedoelingen ferdwine dan mar al te faak nei de eftergrûn en de útwurking yn de praktyk lit te winsken oer.

Tink bygelyks oan:

- It leararetekoart. In direkteur is al bliid as in nije learkrêft oansteld wurde kin, en dan makket it net mear út of dizze learkrêft wol of net bekwaam is op it mêd fan de Fryske taal.

- Tink ek oan tema's lykas Passend Onderwijs, de duorsume skoalle, gelikense kânsen, de groeiende kulturele en talige diversiteit yn klassen ensfh.. It binne tema's, feiten en soms problemen dy't de skoallen binnen komme en dêr't men wat mei moat.

In wichtich aktueel tema, dat bot rekket oan it Europeesk Hânfêst, is de diskusje oer de basisfeardichheden. De minister wol dat skoallen foar primêr- en fuortset ûnderwiis yn de takomst 70% fan de ûnderwiistiid besteegje oan dy basisfeardichheden: Nederlânske taal, rekkenje & wiskunde, boargerskip, en digitale geletterdheid. Dêr sit gjin wurd Frysk mear by! Ek tinkt de minister dat it kurrikulum net mear allinnich beskreaun wurde moat yn termen fan oanbod, mar yn (lear)opbringsten. It tinken yn opbringsten yn kombinaasje mei dy saneamde basisfeardichheden is neffens my in hiele gefaarlike. Net allinnich foar it Frysk, mar foar de kwaliteit fan it ûnderwiis yn it algemien.

It freget tefolle tiid om hjir no wiidweidich op yn te gean, mar it is foar de provinsje saak, om mei it Hânfêst en de BFTK ûnder de earm de minister en syn amtners der op te wizen dat it Frysk in struktureel plak hat yn it kurrikulum yn dizze regio. En dat moat sa bliuwe!

Der binne dus in protte tema's dy't yn Den Haach, mar ek op skoallen en yn klassen der foar soargje dat der mear is dat omtinken freget, dan de kwaliteit fan de Fryske taal & kultuer allinnich. Ik sjoch it dêrom as ús taak net allinnich eksplisyt oandacht te hawwen foar it fak Frysk op skoalle, mar ek mei de skoalle nei mooglikheden te sykjen om it Frysk te ferbinen oan oare tema's en leargebieten. Taal leare en taal brûke begjint wat my oanbelanget fan út de ynhâld wei en dêr lizze grutte kânsen ek foar it Frysk. Wy moatte, en dat begjint bygelyks al op de pabo, learkrêften de kennis, materialen en wurkwizen oanrikke dy't harren helpt it taalûnderwiis foar in part te yntegrearjen yn oare fakken en leargebieten.

Yn myn fyzje op 'goed ûnderwiis' wurdt suksesfolle ûnderwiisferbettering bepaald troch, yn elts gefal, twa wichtige aspekten: (1) swits fan de ientalige en oanbodrjochte manier fan wurkjen nei in rike meartalige learûntjouwing, mei romte foar bern om te ûntwikkeljen yn alle tinkbere rjochtingen en (2) swits (folle faker) fan learkrêftstjoerde ynstruksje en kennisoerdracht nei de meartalige dialoach en kenniskonstruksje.

It realisasjeplan Taalplan Frysk ('21-'24) is in útwurking fan it belied fan de provinsje en û.o. basearre op it ûndersyk en de rapportaazje *It is mei sizzen net te dwaan* (2018). In wichtige konklúzje is dat der gjin generalisearre begjinsituaasje is op de skoallen. De grutte fariaasje tusken skoallen wurdt bepaald troch (1) it taalgebiet (it makket út of in skoalle yn Snits, Menaam, of Steggerda stiet), (2) de taaleftergrûn fan de learlingen en harren learkrêften, (3) it foech en bekwamens fan de learkrêft en (4) de fyzje fan de skoalle.

De útkomsten fan ús ûndersyk litte sjen dat ûngefear 30% fan de skoallen yn it primêr ûnderwiis in A-profyl hat. Dy skoallen realisearje dus in oanbod foar alle kearndoelen fan it Frysk. De oare skoallen, dy mei in leger profyl, sprekke wol harren ambysjes út, mar te faak bliuwt it der dan wer by. Dat docht ek bliken út ús ferfolchûndersyk (de *rapportaazje ferskynt oan it begjin fan 2023*). Der binne wol wat lytse ferskowingen yn de takenning fan de taalprofilen, mar fierstente min om al fan in sukses te sprekken.

Dêrom binne wy yn 2021 úteinset mei it realisasjeplan dat as doel hat om alle skoallen te stypjen by it realisearjen fan harren oanbod. Us wurk is rjochte op fiif pylders: begelieding, bewustwurding, oplieding & neiskoalling, materiaal en (praktykrjochte) ûndersyk.

Alle skoallen, dus ek dy mei in leger profyl, hawwe no in skoalstiper. Dizze persoan helpt de skoallen foar primêr- en fuortset ûnderwiis om de ambysjes konkreet foarm te jaan en organisearret de begelieding op basis fan it ferlet fan de skoalle. Dat wol dus sizze dat de skoalstiper regelmjittich op

de skoalle sels komt en mei de learkrêften in yntern projekt útset en dêrmei de yntrinsike motivaasje fan de learkrêften stimulearret. *Der is gjin nee te keap!*

Opfallende foarbylden fan lytse en soms wat gruttere suksessen binne bygelyks:

- It tal skoallen dat de metoade Spoar 8 brûkt is yn koarte tiid groeid fan 130 nei mear as 200 skoallen. Ek Searje 36, de metoade foar it fuortset ûnderwiis, wurdt op in groeiend tal skoallen as basis foar it fak Frysk ynset.
- De kursus KlasseFrysk, bedoeld om learkrêften mei konkrete aktiviteiten te ynspirearjen, mar ek de kâns biedt om it foech Frysk te heljen, is sûnt 2021 al troch sirka 150 learkrêften folge;
- Omrop Fryslân makket, yn gearwurking mei Cedin en Afûk in prachtich en aktueel edukatyf programma Tsjil Tsjekt en it Tydskrift Tsjil, dat past by dat programma, wurdt al yn in oplaach fan mear as 10.000 eksimplaren ferstjoerd nei hast 200 skoallen;
- In grutte groep learkrêften en taalkoördinatoaren kamen yn septimber nei de masterclass, dêr't it tema fan de Berneboekewike (GIGA Groen) keppele waard oan Fryske boeken en aktiviteiten;
- It konsept fan de trijetalige skoalle (3TS) is yn in nij jasje stutsen en sa'n 10-15% fan it totaal oan skoallen moatte sjoen wurde as de foaroprinners oangeande kwalitatyf heechwaardich ûnderwiis yn en mei de Fryske taal;
- As skoallen neist it metoadysk wurkjen, it Frysk in plak jaan wolle yn oare fakken, dan is der no *'ynspirearjend meartalich ûnderwiis'*, dat bestiet út moderne wurkwizen en materialen, lykas:
  - o Keunstryk. Yn gearwurking mei Keunstwurk binne der basisûntwerpen ûntwikkele rjochte op goed keunst- en taalûnderwiis;
  - o De Taalrûnte, in prachtige didaktyk foar skriuwûnderwiis en folle mear...;
  - o Taal yn Byld: Frysk yn relaasje ta de talige & kulturele diversiteit yn klassen;
  - o Praat mar Toaniel: in lêsprjekt om net-Frysktalige bern oer de taaldrompel te helpen;
  - o Ensfh. Ensfh.

Dy ûnderwiisûntwikkeling, dy't dus net allinnich yn it primêr- en fuortset ûnderwiis plak fynt, mar yn alle sektoaren fan it ûnderwiis, hat ek as posityf effekt dat wy as taal- en ûnderwiisinstellingen folle mear ôfstimme en gearwurkje. Dat kin fansels altyd better, mar we wurkje oan itselde doel en op basis fan deselde ynhâldlike kaaiprinsep.

Ik slút my oan by Winter as hy it hat oer de wurking fan it Hânfêst yn de oare ûnderwiissektoaren:

*"(...) maar voorschoolse educatie is niet wettelijk geborgd..."*

Dochs jout Sytske de Boer fan SFBO oan, sy is de projektlieder fan dy foarskoalske perioade, dat it Hânfêst en it ramtferdrach de iennichste wetlike kaders binne dêr't in soarte fan ferplichting fanút giet. It Hânfêst, en de ferwurking dêrfan yn bgl de BFTK, soarget derfoar dat Ryk, Provinsje en Gemeenten in sekere mjitte fan ferantwurdlikheid drage foar it Frysk yn de foarskoalske perioade, en dit helpt SFBO by it krijen fan in opdracht en it útfieren dêrfan. En dat dogge se al hiel suksesfol op sa'n 65% fan alle pjutte- en berneopfang.

*"De doorgaande leerlijn in het voortgezet onderwijs ontbreekt en daardoor kiezen slechts weinig leerlingen Fries als eindexamenvak. Hierdoor voldoet Nederland niet aan de verplichtingen uit het Handvest, zoals de Committee of Experts herhaaldelijk heeft vastgesteld."*

Learlingen de kâns biede om eineksamen Frysk te dwaan op it fuortset ûnderwiis is wat my oanbelanget topprioriteit yn de nij fêst te stellen BFTK. De ferplichting fan de basisfoarming (yn 1993) sûnder konkrete ynfolling en finansiering derfan, hat ús net folle fierder holpen mei de trochgeande learline yn it fuortset ûnderwiis. En as sadanich ek net foar it tal skoallen dat Frysk as eksamenfak oanbiedt, mei as gefolch dat noch altyd mar in beheind tal learlingen Frysk as eksamenfak kiest.

Dingtiid hat yn it advys *“Meartaligens as kwaliteit en doel”* (yn 2017) advisearre om de wetlike basis foar Frysk yn it fuortset ûnderwiis te fersterkjen troch yn de WVO op te nimmen, dat (1) op skoallen foar fuortset ûnderwiis twa oeren wyks Fryske taal jûn wurdt yn alle foar-eksamenklassen en (2) dat skoallen Frysk as eksamenfak oanbiede.

As dat slagget dan binne der fansels ek mear dosinten Frysk nedich en wat is it dan moai om te fertellen dat op NHL Stenden in rekôr oantal fan yn totaal 17 studinten harren ynskreaun hawwe foar de minor Frysk, of de twaddegraads learare-oplieding of de fakmaster.

*“Juist bij het mbo moet er nog meer gebeuren met Fries, omdat het voor de aansluiting op de arbeidsmarkt juist nodig is dat de Friese taal wordt gesproken, niet alleen in contact met collega’s, maar ook in contacten met klanten, cliënten en patiënten.”*

Studinten yn it mbû kieze foar beroppen lykas yn de soarch, of yn de bou en dêr wurdt in hiele protte Frysk brûkt. It mbû is de sektor dêr’t it Frysk op de meast natuerlike wize in funksjoneel plak hat. Jou it Frysk, yn dy regionale funksje dy’t it mbû hat, dêrom noch in folle dúdliker plak. Ek dit punt mei mei haadletters yn de nije BFTK.

Ik konkludearje dat wy der noch lang net binne en ek dat wy op alle nivo’s noch stekken falle litte. Dochs tink is dat it Hânfêst in dûnsflier is. In útnûging om mei te dwaan, om mei te dûnsjen. En oanslutend by de wurden fan Heinrich Winter: It Frysk is fan de ynwenners en fan de mienskip. It is fan de learlingen, de nije generaasje en it is oan ús om de Fryske taal en kultuer yn it ûnderwiis yn en mei de skoallen op foldwaande en strukturele wize te realisearjen,

Tank foar jo oandacht.